

## Neijjersekskursy 2019 Alde Fryske Tsjerken.

Op 5 oktober is de neijjersekskursy 2019 fan de Stichting Alde Fryske Tsjerken wer hâlden. In goede gewoante om twa kear yn it jier, yn foar- en neijjer in kear, in oantal tsjerken yn it middelpunt te setten. De tsjerken binne dan iepen, der wurde lêzingen hâlden om de histoarje fan de tsjerken en de bou en ynrjochting dêrfan te beljochtsjen. Elk kin mei eigen auto der by lâns gean, mar der wurdt ek altiten in ekskursy per bus organisearre: dy't dêrby meigiet mist neat fan it programm en hat de geselligens fan in bus fol minsken der op ta!

Faak wurde doarpstsjerken besocht, mar dizze kear wiene it krekt twa monumintale stêdstsjerken en dêr tusken yn ien doarpstsjerke, alle trije yn noardwest Fryslân. De Stichting hat sels yntusken al 52 tsjerken yn besit, mar de ekskursys jouwe fansels ek omtinken oan tsjerken dy't noch eigendom binne fan de tsjerklike gemeenten. Dat lêste is it gefal by de twa besochte stêdstsjerken, de Grutte Tsjerke fan Harns (Harlingen) en de Martinitsjerke yn Frjentsjer (Franeker). De doarpstsjerke, prachtich op de terp yn Skalsum (Schalsum), is fan de Stichting mar wurdt no en dan noch al brûkt troch de PKN gemeente Ried-Skingen.

Trije hiel ferskillende tsjerken: de Martinitsjerke yn Frjentsjer dy't yn de earste helte fan de 15<sup>e</sup> ieuw boud waard yn gotyske styl, de noch âldere doarpstsjerke fan Skalsum út it midden fan de 13<sup>e</sup> ieuw, en, op de ekskursydei de earste yn de rige, de Harnzer tsjerke út 1772/1775.

Dy earste tsjerke, de Grutte Tsjerke yn Harns dy't ek wol "de dom fan Almenum" neamd wurdt makket yndruk troch de hichte en benammen ek de hichte fan it front dêr't je by it binnenkommen tsjin opsjogge: in hege preekstoel en dêr noch boppe it geweldige oargel dêr't direkt nei de ynwijing fan de tsjerke mei begûn is troch de bouwer, Albertus Anthoni Hinsz. Troch de hear Van Popta, bestjoerslid fan de Stichting, is ús fan alles ferteld oer de tsjerke, de foarskiednis, de bou, de minsken dy't dêr foar ferantwurdlik wiene, de dûmnys dy't de ynwijing diene en fansels alles wat der om ús hinne te sjen wie.

De twadde tsjerke, de Nicolaastsjerke yn Skalsum, makket as âlde doarpstsjerke in hiel oare yndruk, mar is fansels op har eigen manier like monumintaal. In sobere, yn de kearn Romaanske tsjerke, mei in âlderwetsk tonferwulft en mei sprekende kleuren yn giel en read skildere. De hear Buwalda, lid fan de ekskursykommissje fan de Stichting, koe ús fan alles fertelle oer dit beskieden tsjerkje dêr't likegoed fan de dûmnys dy't der preken en de minsken dy't der nei harken noch in protte te fertellen is. De gemeente dy't it tsjerkje no noch brûkt, de PKN gemeente Ried-Skingen, hat yn acht doarpen in tsjerke te brûken. Dat der dus yn Skalsum net alle sneinen mear preke wurdt is wol goed te begripen!

En dan as lêste de Martinitsjerke yn Frjentsjer. In like oerweldigjende yndruk as yn Harns, al is de sfear totaal oars. In grutte midsieuwske tsjerke, mei grutte, hege ruten en hege, smelle pylders tusken middenskip en sydbeuken, dy't in yndruk fan in geweldige romte jouwe. Foar yn de tsjerke it koar, mei dêr om hinne deselde smelle hege pylders en as iennige tsjerke yn Fryslân, in koaromgong. Mefr. Sytske Kooy, ek lid fan de ekskursykommissje, fertelde ús wer. Oer de stêd Frjentsjer en it plak fan de tsjerke dêryn, oer de midsieuwske fresko's en oer it grutte oantal grêfstiennen dat de hiele flier fan de tsjerke bedutsen hâldt en wêrfan ien sels út de saksyske tiid, dus fan om 1500 stamt.

It wie dus wer in ekskursy dy't genôch yndrukken achter lit. Dizze kear benammen fan monumintaliteit dêr't in minske hast lyts yn wurdt. Yn alle trije tsjerken mochten wy genietsje fan it oargel, der wie kofje te krijen, en oan de ein fan de dei ek noch in drankje en hapkes. En yn de bus wie de lieding wer sa as alle jierren, by de hear Bolt, dy't ús ûnderhâldend wiisde op it lânskip dêr't wy troch rieden en de stêdsjes dy't mei de bus mar lêstich te beriden wiene. Foar alle besikers fan de tsjerken in moaie, sinnige dei, foar de dielnimmers yn de bus ek in gesellige dei mei tusken de middei in goede lunch yn it Heerenlogement yn Harns!

Hindrik ten Hoeve, lid Algemien Bestjoer